Oprjochting fan “de Sékrite”, Fryske Krite fan Lelystêd en omjouwing op 25 novimber 1971

It idee om in Fryske Krite yn’e nije polder op te rjochtsjen, ûntstie yn oktober 1971. De earste ynwenners fan Lelystêd wiene hiel tafallich Friezen, de fam. Sytsma. Doe’t efkes letter de fam. Schiere yn Lelystêd kaam te wenjen (dy’t al lid wiene fan de fryske krite yn Kampen), waarden hja it al gauwêftich iens, dat der yn Lelystêd ek in krite komme moast. Mei noch in pear oare friezen binne hja doe begûn om by de doarren lâns te gean, om mear minsken der waarm foar te krijen. Inkele fan dizze minsken wurken op it gemeentehûs en wiene sadwaande yn’e gelegenheid, om de listen mei nije ynwenners troch te sjen. As dêr dan in namme by wie, wêr’t hja út opmeitsje koene dat it in Fries wie, dan gyngen hja dêr op ôf. Jûnen en jûnen binne hja sa op paad wêst.

Om’t Lelystêd in nije stêd wie, kaam it gau’ris foar, dat hja mei trije minsken foar de selde doar stiene. Ien foar de Fryske krite, ien foar de bank (meastal mei in blomke, dy hiene it measte jild) en ien fan de begraffenisferiening. Alles moast hjir doe noch fan’e grûn komme. Ek de agint fan de Ljouwerter krante en it Frysk Deiblêd en de man de SRV-wein hawwe hiel wat nije leden oanbrocht. Op 25 novimber wie dan de oprjochtingsgearkomste yn “de Meerkoet”, it earste restaurant yn Lelystêd. Der wiene doe 34 minsken en de 1ste foarsitter waard Hindrik Schiere. It duorre mar efkes, doe wiene der al 112 leden, werfan 12 wol toanielspylje woene en 22 woene wol meidwaan oan in skotsploech. De earste toanieljûn wie op freed 28 jannewaris 1972 yn’e Meerkoet. De toanielploech út Aldeboarn wie dêr mei it stik “De bekroande earsteling”. De krite hie doe 190 leden, werfan 140 op dy jûn oanwêzich wienen. De muzyk waard fersoarge troch in soan fan Sytsma, mei in bânrykorder. Ek doe wie der ek al in ferlotting (5 lotten foar Hfl. 1,=).
Yn die tiid wie der ek faak in ferslachjouwer fan de krante, mei in fotograaf.

Op 23 febrewaris 1973 spile ús eigen toanielploech foar it earst, it stik “Taaie Teie”. Op 12 maart 1974 koe it 300ste lid ynskreaun wurde. De leden kamen eartiids net allinne út de Flevopolder, mar ek út Urk en Elburg. It grutste oantal leden fan ús krite hat 370 west (29 novimber 1975). Wat in ferskil by no, noch mar 120 leden. Op kritejûnen waarden dan de tafels út de seal wei helle, oars koene de minsken der net yn. It sjongkoar waard oprjochte op 8 febrewaris 1976 en de skotsploech op 25 febrewaris.
Spitichgernôch is de skotsploech al wer opdûkt en ek ús toanielploech hie in tekoart oan spylders. Yn 1976 waard troch eigen leden in kabaret opfierd en yn letter jierren noch 3 kear. Wy hoopje dat wy dit oantal leden fan no hâlde kinne en dat it sjongkoar bestean bliuwe kin.

Binne jo noch gjin lid fan ús krite, sjoch dan op ús weblog

http://www.fryskbutenfryslan.frl

Dêr kinne jo jo opjaan troch it kontakformulier yn te foljen!!

Meidielingeblêd fan de Sékrite

Oprjochte 25 novimber 1971
Lid fan it Frysk Boun om Utens.

Jiergong 36
Nûmer 3, Desimber 2021

Rekkennûmer NL 84 RABO 0348 113 889
RABO-bank Lelystêd
Ynskriuwing K.v.K. nûmer 40059396

Hovenier
G. Veenstra
Voor al uw tuinwerkzaamheden

Bolderweg 60ª
8243 RW Lelystad
Tel. (0320) 251 009
Mobiel 06-20056979

FIERDER BERCH-OP
KLIM FLEURICH
KFFB
Kast
Fol
Fryske
Boeken

KRISTLIK FRYSKE FOLKSBIBLETEEK

Trije kear yn it jier in Frysk boek foar de **helte** fan de winkelpriis?
En trije kear in boekekrante **fergees?**
Wurd dan lid fan'e KFFB, de iennichste boekeklub yn Fryslân.
As nij lid krije jo 1 roman fergees.
It lidmaatskip fan 'e KFFB kostet € 27,00 yn 't jier. Dêrfoar krije jo trije kear yn 't jier (yn febrewaris, maaie en septimber) in roman en De fleanende krie.

Ynformaasje:
C. Rozendal-Boelens
De Vergulde Klok 15
9102 DJ Dokkum
tel.: 0519 321262
e-mail: boekeklub@kffb.nl

MINSKEN,
wêz dochs tûk
kom nei Valentijn
foar in presintsje
of opsmûk

VALENTIJN
KUNSTNIJVERHEID
Waagpassage 126,
8232 DW Lelystad.

Foar nije en healsliten boeken

kin Jo altyd terjochte by:

Luit en Johanna Dijk
0320 - 412444
luit.dijk@kpnmail.nl

At jo ferkâlden binne, moatte jo thús bliuwe y.f.m. koroana... In goede Fries is altyd ferkâlden... Moatte wy no altyd thús bliuwe?



F R Y A Z

Schoen- & Sleutelservice
T. Boonstra
Weversstraat 24,
8223 AC Lelystad
Tel.: 0320-222288

SCHOENMAKERS GILDE

Als uw banden versleten zijn, gooit u uw auto toch ook niet weg !?

van Bommel
VAN LIER SINCE 1815

Voor meer informatie over vakkundige reparatie van uw kwaliteitsschoenen, kijk op
WWW.SCHOENMAKERSGILDE.NL

Boppe: Paul Siemensma.
Midden: Ietsje Meems.
Under lofts: Gjalt de Jong.
Under rjochts: Kees Hofstra.



Foto's fan it optreden op 27 novimber 2021 fan FRYAZ.

It Frysk Boun om Utens

NIJS FAN IT FRYSK BOUN OM UTENS

Sneon 16 septimber 2023
100 jierrich Jubileum
It Frysk Boun om Utens.

De jubileumkommisje fan it Boun wurket fierder oan de betinking fan it 100-jierrich bestean fan it Boun op 16 septimber 2023. Sjoch foar mear ynformaasje op ‘e webside fan It Boun:
www.fryskbutenfryslan.frl

AG en M- en Y-dei.

Sneon **26 maart 2022** binne jimme wolkom op de Algemiene Gearkomste en de Moetings– en Ynspiraasjedei fan it Frysk Boun yn Zalencentrum 'De Brug', Dunantlaan 1, 2011 CA Reeuwijk. **Krite Boadegraven** fiert dan it 75 -jierrich bestean.

Sneontemiddei: 9 april 2022.

50- en 45-jierrich bestean fan resp. Fryske krite Sékrite en Frysk sjongkoar.

Us krite hat yn 2021 50 jier bestien en ús sjongkoar 45 jier. Dat wolle wy, as de koroanakrisis it no wol talit, graach mei jimme fiere op **9 april 2022**. It bestjoer, dat tsjintwurdich gearkomsten hat fia de kompjûter, hat drok dwaande west mei it neitinken oer en ûndersykjen fan de mooglikheden fan dit jubileum. Wy hawwe der in middeisprogramma fan makke, sadat leden dy’t der gjin nocht mear oan ha om op jûntiid op ‘e dyk te wêzen, dan ek meidwaan kinne.

Ynhâld Meidielingeblêd:

side
Kolofon 1
Wurd fan de foarsitter 2
Gedicht ‘Wintermoarn”fan Obe Postma 3
Kritejûnen 2021-2022, Kritenijs , troudagen 2022 4
Ut de boekehoeke 5
Ut de Itensiderij 7
Utnûging Nijjiersbesite 22 jannewaris 2022 8
Wâldbeantsjes, wichters en apelsop fan Fryske Frucht..... 9
Jabikspaad - Kuier op 12 augustus: Reduzum nei Aldeboarn. 10
Brok wol folle bettere Fryske lessen 14
Ferslach kritejûn mei FRIAZ fan 27 novimber 2021 15
Nijs fan It Frysk Boun om Utens en de Sékrite 16

De kopij foar it nije krantsje graach ynleverje foar 25 Jannewaris 2022.

Kolofon

Gearstalling fan it bestjoer fan ús Krite:

Foarsitter: Jan Bijkerk, e-mail: sekrite@janbijkerk.nl

Ponghâlder: Jan Koopman, e-mail: jan@zwanenwater.nl

Skriuwer: Luit Dijk, e-mail: luit.dijk@kpnmail.nl

Lid: Yvonne Nederpel, e-mail: ycm.nederpel@gmail.com

Lid: Annie Noppers, e-mail: annie_evenhuis@hotmail.com

Lid: Jantsje Meijer, e-mail: jantsje-meijer@live.nl

Koar: Fetsje Meijer, e-mail: fetsje.meijer@tele2.nl

Kosten: It lidmaatskip is €15,= yn’t jier / stipers €10,= yn’t jier. Opsizze fan it lidmaatskip moat foar 1 septimber foarôfgeand oan it winterskoft by skriuwer Luit Dijk.

De redaksje en opsmûk fan it boekje: ***Jan en Sjoerdtsje Bijkerk***.
Kopij opstjoere nei: **sekrite@janbijkerk.nl**
Eareleden fan de krite: Albert Postma en Gerrit Kingma.

FAN DE FOARSITTER.

Bêste freonen fan de Sékrite,

Noch krekt foardat wy oergeane nei it nije jier 2022, it lêste krantsje fan dit jier. Op ‘e kop ôf 21 moanne nei de jûn mei ‘Doazen’ fan it Akrummer Dreamtheater, op 15 febrewaris 2020, kamen we einliks yn novimber 2021 wer in jûn byinoar. Mei 22 minsken sieten we yn teäter Posa by it optreden fan FRYAZ. Om’t we inoar yn sa’n lang skoft net sjoen hiene, seagen wy nei dizze jûn út. We wiene bliid, dat it wer koe. Faaks noch in bytsje ûnwennich om’t de koroana-QR-koade skand wurde moast en wy ús efkes ôffregen, hoe’t we inoar begroetsje soene, mar we wienen wer by-inoar. En dat fielde goed. As it oan ús leit, bart dat dit winterskoft faker. Mar we witte no, dat soks net fanselssprekkend is. En dat witte de eksploitanten fan hoarekabedriuwen, bioskopen, teäters, ensfh. ek mar al te goed. En de behearders fan tsjerken kinne dêr ek fan meiprate. Moannen oanien bleaunen restaurants, bioskopen, teäters en tsjerken leech. Mar wy sille de kommende jierren mei de koroana libje moatte, lokkich dat der mear en mear minsken harren dochs ynintsje litte. It sil yn de takomst wol sa komme: yn de iene earm de grypspuit en de oare earm de koroanaspuit.

As wy efkes foarút sjogge nei ús kommende kritegearkomsten, dan hawwe wy op 22 jannewaris 2022, om 15 oere, de Nijjiersbesite yn de Krakeling, dy’t, sa as bekend, troch it iendeisbestjoer fersoarge wurdt. It programma fan dizze middei stiet beskreaun op **side 8** fan dit krantsje. Fierder steane 26 febrewaris mei toaniel en 9 april mei ús Jubileumfeest noch op de wurklist. We wachtsje mar ôf hoe it dizze winter fierder giet mei de maatregels fan it regear en sille dêr dan op antisipearje moatte.

Ik winskje alle leden tige noflike Krystdagen ta, in goeie jierwiksel en fansels in sûn en lokkich 2022!!

Jimme kritefoarsitter, Jan Bijkerk.

In ynspirearjende kritejûn mei kabaret en muzyk fan Fryaz.

It joech my sneontejûn in bytsje dûbeld gefoel: de earste kritejûn wer nei omtrint 2 jier, mar dan wol op de jûn foar in nije tichtplicht fanwegen de oprinnende covid-besmettingen. Wy, de leden fan it bestjoer, hiene foarôf de leden, fan wa wy in telefoannûmer hawwe, skille. Mei de fraach of sy, mei it each op de al in pear wiken jildende maatregels, sneon 27 novimber nei de jiergearkomste en de dêrop oanslutende kritejûn komme soene. Doe't op 26 novimber ûnferwachts in nije tichtplicht waard oankundige, fûnen guon it te riskant om dan sneontejûn noch te kommen. Dêrtroch wiene wy mar mei in lytse groep minsken, 22 yn totaal, en koene wy maklik de ferplichte 1,5 m ôfstân hâlde yn teäter Posa. Direkteur Kevin en Rosa hiene der alles oan dien om it mooglik te meitsjen om ús oan de rigels te hâlden.

De groep Fryaz kaam mei 4 minsken: ferteller en sjonger Gjalt de Jong, sjongeres en fioelist Ietsje Meems, gitarist en sjonger Kees Hofstra en akkordeonist en sjonger Paul Siemensma. De yn it boekje ek neamde Douwe Dijkstra is der net mear by. Paul Siemensma is gjin ûnbekende foar ús krite, want hy spilet ek mei Hymphamp en is dus al faker by ús west.

Yn in oantal prachtige ferskes, dy't ik spitigernôch net allegearre goed ferstean koe, besongen sy mei dúdlike grutskens, leafde en humor de Fryske identiteit en de Fryske taal. Hja iepenen de jûn dan ek mei it nûmer “Myn Fryske bloed”. Harren namme, Fryaz, hawwe sy keazen om't fry it eigene, de identiteit, betsjut. Mei dizze ferklearring lei Gjalt gelyk de link nei it nûmer DNA, dat oer it knoeien mei DNA giet , en dus mei identiteiten.

Fermaaklik fûn ik it nûmer oer de Fryske taal, wêryn hja útleinen dat it Ingelsk yn harren eagen verbasterd Frysk is en dat it in skrale treast is dat it Ingelsk in wrâldtaal wurden is. Mar dat dat dus eins Frysk wêze moast. It wie moai om inoar wer fysyk te moetsjen. Hooplik nimt it oantal covid-besmettingen troch de nije maatregels dúdlik ôf en hoecht de tichtplicht net hiel lang te duorjen, sadat wy inoar by de nijjiersbesite ek wer sjen kinne.

Famylje Bos (60 jier troud) en famylje Bijkerk (50 jier troud) ha op dizze jûn witte litten, dat sy bliid wiene mei de felisitaasjes en cadeau’s fan de krite.

Yvonne Nederpel.

grutte buorkerijen. Fierder neat as greiden mei brede rjochte sleatten der om hinne. Fia in smel fytspaadsje kom ik úteinlik wer oan yn de bewenne wrâld. De Haskerdiken. Dêr is in lange rige fan grutte pleatsen. It paad giet efter de pleatsen lâns. It liket wol dat de gong mei it buorkjen der wat út is dêr. Ik bin toarstich wurden. En ik hear in man nei my roppen. Dy man stiet op it hiem fan in buorkerij en freget of ik wat drinke wol. Hy sjocht faker minsken dy't hjir it Jabikspaad rinne. Dan freget hy soms oft sy toarst ha. Kofje skinkt er ek. Hy hat in fourage-hânnel. Der stiet in grutte reade frachtwein mei syn namme op it hiem. Ik wol foar dizze man wol wat reklame meitsje. Wobma hjit hy. Hjoed haw ik seker fiif kear aardige en freonlike minsken moete. Docht my goed. Sa kaam ik oan it ein fan dizze dei kuierjen.

Eabele van der Veen.

Brok wol folle bettere Fryske lessen.

It ûnderwiis yn de Fryske taal moat folle better, oars komt it net goed mei it Frysk. Dat sei Kommissaris fan de Kening Arno Brok dit wykein by de presintaasje fan it boek *Kneppelfreed 2021* fan Peter Boomsma.
It is hjoed santich jier lyn dat de plysje op it Ljouwerter Saailân mei kneppels en wetterkanonnen in groep oanhingers fan de Frysksinnige sjoernalist Fedde Schurer ferjage, dy't by syn rjochtsaak wêze woene. Om't dat in soad opskuor joech, hawwe de Friezen dêrnei mear taal-rjochten krigen. 'Sûnder mear en better ûnderwiis wurdt it lykwols neat', sei Brok. Hy neamde oare Europeeske regio's as foarbyld foar Fryslân, lykas Kataloanië. "It Katalaansk is de haadtaal yn it skoalgebou", sei er. It Frysk moat gewoaner wurde, wie er fan betinken, oars ferbrekke Friezen harren te fluch.

Ut 'It Nijs'.

WINTERMOARN

Us finsters op 't easten binn' roazeread,
Troch iisblommen skynt er de sinne:
"Hoera, no der út en nei 't iis,
No moat it wol hâlde kinne!"

It skerpe wyntsje fûl oer 'e snie,
Hoe hurd is de ierde befêrzen!
Hoe klear en trochskinend it iis yn 'e grêft,
Troch 't swart blinke flach-guod en gerzen.

De loft is klear en de sinne riist,
Blank lizze de fiere lânnen.
- O sjoch yn it easten dy poarperen pronk,
In ljochtskyn fan himmelske strânnen!

En wrâld is boi in gouden seal
Yn 'e priel fan 'e jonge dage;
De swarte flier is hurd en glêd,
Wat ea jong hert sa hage?

O it iis, it iis yn syn hearlikheid!
Fan fierens sjoch ik it blinken;
Kom mei; de seal is grut en rom,
Lit ús noch ris dy wille drinke!

Obe Postma
Ut: Samle fersen

**Alles wat winsklik is foar it nije jier,
benammen lok, leafde, sûnens en seine.**

KRITEJÛNEN

DATUM	YNHALD
22 jannewaris 2022	Nijjiersbesite yn De Krakeling
26 febrewaris 2022	Kritejûn - toaniel—yn teater Posa
9 april 2022	Jubileumfeest op de middei by Boer Kok

It trochgean fan boppesteand programma is fansels tige ôfhinklik fan it ferrin fan de koroana-krises.

KRITENIJS.

- **As jimme heard ha fan leden dy't siik binne, as oare saken dy't fan belang binne, graach efkes in berjochtsje fia e-mail nei:**
  annie_evenhuis@hotmail.com
- As der leden binne die oar kritenijs hawwe, graach efkes stjoere nei **sekrite@janbijkerk.nl** . Yn't foar tige tank.

Hjir under sjogge jimme de troudagen fan ús leden foar 2022:

- Fokke en Trijn Hamstra op 14 maart 65 jier troud.

- Fam. Kombrink op 10 juli 30 jier troud

- Ebele en Tineke v.d. Veen op 25 augustus 50 jier troud.

- Henk en Wipkje Lautenbach op 6 septimber 65 jier troud.

- Douwe en Klaske Gaastra op 20 septimber 55 jier troud.

- Gurbe en Pytsje Veenstra op 14 desimber 50 jier troud.

Wy meie de adressen fan de pearen dy't harren troudei fiere, net yn it boekje sette, mar as jimme de jubilearende pearen in kaartsje stjoere wolle, as wat oars , dan kinne jimme it adres freegje by Annie Noppers - sjoch side 1.

Ik sjoch dat der in kleaster stien hat. De oerbliuwsels binne markearre yn it fjild. Wol nijsgjirrich fyn ik dat. De wettertoer hjir ha ik faak sjoen fan út de auto of de trein. No kom ik tichtby de toer lâns. In moai gesicht sa'n toer midden yn de greide. Dan folget it paad de Boarn. De rivier is hjir bochtich en sa'n 30 meter breed. Mei eltse bocht is myn sicht op Aldeboarn wer oars. De moaie en hege toer falt op. It ferhaal giet dat de Boarnsters destiids by it bouwen heger bouwe wollen ha as de toer fan Tsjom. Mei in lang tou gie in selskip Boarnsters nei Tsjom om dêr de hichte fan dy toer te mjitten. Dat slagge wol, mar de mjitters hawwe nea witten dat minsken fan Tsjom nei it mjitten in stikje fan it tou ôf-snijd hawwe. Sa is it kommen dat Tsjom noch de heechste toer hat. It ferhaal fan de toutsjeknippers en de tuorkemjitters. Aldeboarn is in skildereftich doarp. De brêgen oer de Boarn binne sierlike âlde draaibrêgen. De huzen oan wjerskanten fan it wetter hawwe fêst ek hiel wat skiednis meimakke. En it is hjir net drok, it doarp leit wat ôfgelegen. By de toer is in kafee mei in terras. Ik wie fan plan om hjir wer op de bus te stappen, dêrom kin ik wol in bierke drinke. En noch ien want ik rekke oan de praat. Om 4 oere stean ik klear by de bushalte. Mar fanwegen fakânsjetiid rydt de bus hjoed net. Ik beslút om dan mar de folgjende halte op te sykjen. Dy is oardel oere fierder, oan de Haskerdiken. Treast foar my is dat ik derhinne yn in grut iepen fjild kom, wer't mar in bytsje minsken wenje. Der hâldt ik wol fan. Ik kom yn in feanûntginning.

Natûrgebiet De Deelen leit wat súdliker. Oant dêr oan ta steane sa'n fiif

politikus foar it CDA. Geandewei wurdt it drokker om my hinne. In protte minsken hawwe de fyts pakt. Op it fytspaad wer't ik rin, moat ik goed útsjen. De drokte hjir is goed te ferklearjen want de brêge by de

Ald Skou is einliks it ienige plak wer't de minsken mei de fyts it Prinses Margrietkanaal oerstekke kinne. Ek foar de minsken dy't yn Grou wenje. Op de brêge kin ik de omjouwing goed oersjen. Dêr kinst sjen hoe't FrysLân mei it wetter is fergroeid. Op it brede kanaal is in soart fan parade geande. De boaten farre yn lange rigen ûnder my lâns. Simmer yn Fryslân. Wer fierder. No haw ik it fizier op Akkrum. It doarp wat foar my in bytsje ferbûn is mei de feekoeken út de fabryk fan Ulbe Twijnstra. Eartiids thús op de buorkerij kaam ik dizze namme faak tsjin. No sjoch ik de namme wer as strjitnamme. It each moat der mar opfalle. Ik ferwûnderje my der oer dat Akkrum sa'n grut doarp is. In drokke winkelstrjitte en in protte bysûndere dingen te sjen. Te folle om op te neamen. Mei troch de Boarn en Hearesleat is it ek in echt wettersportdoarp wurden. Ik lear Fryslân better kinnen mei dizze kuier. Nei Akkrum giet myn paad rjochting Aldeboarn. Earst kom ik troch Nes. Dit doarpke leit einliks tsjin Akkrum oan, mar it is skieden troch it spoar en de grutte autodyk. Nei in brêge kom ik oan de oare kant fan de Boarn.

UT DE BOEKEHOEKE

BOEKEN FAN FRYSLÂN

Skiedskriuwing It Bilt is no folslein

Okkerdeis is by útjouwerij Wijdemeer *'t Bildt compleet, van Wad tot Waadhoeke* fan Kees Kuiken útkommen. It boek is in aktualisearre kombinaasje fan Kuikens útferkochte proefskrift *Het Bildt is geen eiland* (2013) en it ferfolch dêrop *Van Broedertrouw tot Bildtweb* (2014).
It earste haadstik, 'Sporen en dwaalsporen', is nij. Dat jout in oersjoch fan wat no oer it Bilt fan foar 1398 bekend is. De dêropfolgjende haadstikken beskriuwe de tiid fan 'oanwaaks, skouten en skikkingen' (1398-1506), de ynrjochting fan de polder (1505-1555), de groei en bloei fan it boerepatrisjaat (1550-1650), de 'aristokratyske graanrepublyk', fan de Van Harens c.s. (1650-1750), ferljochting en demokratisearring (1748-1851), de iuw fan de *Bildtsche Courant* (1869-1963) en de tiid fan de 'Bildtse Beweging', mei ynbegryp fan it goed en tsjoed fan it Biltsk, de Bilkerts en harren Biltgefoel yn de gemeente Waadhoeke. Dat lêste haadstik is fansels ek oan de aktuele situaasje oanpast. Mei dat allegearre is de skiednis fan It Bilt no foar it earst folslein beskreaun.

Boekgegevens
't Bildt compleet, van Wad tot Waadhoeke, 248 siden, yllustrearre (foar in part yn kleur) - útjûn yn hurdkaft; priis € 25,00 -te besetten yn de boekhannel en yn de webshop fan www.wijdemeer.nl.

Untdek de ferdwûne wrâld yn dizze nostalgyske fotoboeken fol foto's:

Jierboeken fan Fryslan út de jierren 1940-1945 en 1990 oant 1995 en it nijsgjirrige "Het Fryslân boek"

Yn it fotoboek 1940 - 1945 steane benammen foto's dy't in byld, of alteast in yndruk jouwe, fan it libben en it barren yn Fryslân ûnder de besetting.

De fotoboeken 1990, 1991, 1992, 1993, 1994, 1995 binne gearstald troch de redaksje fan de Ljouwerter Krante. Hjiryn it nijs yn Fryslan yn it koart mei in byhearrende foto.



It Fryske Boek is noch as nij en befettet mear as 350 "ferhalen" út de Fryske skiednis.

De jierboeken kostje mar € 1,00 it stik. It Fryslânboek € 2,50. Mar der binne by ús folle mear moaie boeken foar jimme : healsliten, mar ek genôch as nij! Jo binne wolkom, ek om ris lekker te "sneupen" op de Saerdam 143! Luit Dijk en Johanna van Dijk, luit.dijk@kpnmail.nl, til. 0320-412444.

Metten en Reny Jonker wiene **20 oktober 45 jier** troud en waarden bliid makke mei in bosk blommen .

De PLUS-aksje hat **€ 131,=** opbrocht. De sjek is oan Luit Dijk troch PLUS-Postma oan de Botter útrikt.

skiednis. De famylje Fan Sytsema wenne hjir iuwenlang op de Beslingastate. Noch altyd hawwe de Fan Sytsema's fan hjoed kontakten lizzen mei de Frienzer mienskip. De tachtich ynwenners binne hecht mei inoar. By de tsjerke sjoch ik efkes op it hôf. Dêr is in grut pronkgrêf fan de Fan Sytsema's. Mar ek sjoch ik de tinkstien fan Ulbe Zwaga. Dat sil fêst de bekende skûtsjeskipper wêze. En de dichter en skriuwer D.H Kiestra hat syn grêf hjir ek. Op it sjongkoar sjonge wy syn liet fan 'To Maaie'. Nei it tsjerkje sykje ik in bankje op. Dat stiet by in boartersplakje. Dêr kom ik te sprekken mei in aardich frommes. Har bern hawwe wille yn de boarterstún. Sy fertelt oer Friens. It wennet der goed.

De minsken sykje ferbining mei-inoar. Ik fûn it in moaie ûnderbrekking en gean optein wer fierder. Oer de Beslingadyk. Dizze dyk is in âld oerbliuwsel fan de eastlike seedyk foar de Middelsee. De dyk is smel en bochtich. Oan wjerskanten steane hagetoarnestrúken. Op it ein fan it dykje leit der allinnich noch in fytspaadsje. Wat kom ik dochs op bysûndere plakjes mei dizze kuier. De lêste kilometer foar Jirnsum rin ik lâns it brede wetter fan de Krûme Grou en kom ik wer by Jirnsumersyl. Twa jier lyn rûn ik hjir ek. Doe moast ik nei it noarden ta. No gjin ik it súden op en troch de buorren fan Jirnsum. Fyftich jier lyn gie alle ferkear nei Hearrenfean hjir lâns. No is de strjitte net mear drok. Der binne fersieringen oanbrocht. Feest yn Jirnsum. De kat spilet yn de fersieringen in grutte rol. Jirnsumers wurde ek wol de 'katten" neamd. Oanlieding derfoar is it folksfermaak dat hjir pleats fûn, sa'n trije hûndert jier lyn. Ik gean net útlizzen hoe't dat gie, mar it is goed dat de poes hjir in grut stânbyld krigen hat. As in soart fan ekskús. It byld is untbleate troch Enneus Heerma, eartiids in bekend

Jabikspaad - Kuier op 12 augustus: Reduzum nei Aldeboarn.

It wie wer sa fier. In dei kuierje yn Fryslân. Op it Jabikspaad. Reduzum is it plak wer't ik de foarige kear einige wie. Dêr ferfolgje ik hjoed it paad. Fan 'e moarn al foar healwei sanen yn de trein stapt. Trije oeren letter kaam de bus oan yn Reduzum en begjint it swalkjen wer. De drokte fan it reizgjen falt fuort en de rêst komt my noflik oan. It paad giet lâns de âlde strjitwei tusken Ljouwert en it Fean. Fryslân is hjir hiel iepen. De tsjerketuorren yn de fierte kin ik sa stadichoan al pleatse. Raerd en it Raerderbosk sjoch ik ek. Dêr bin ik yn it begjin fan myn kuier troch kommen. Nei in skoftsje rinnen kom ik lâns 'de Blauwe Tent'. In bekende alkoholfrije útspanning yn Fryslân. Oprjochte troch



de Gehielûnthâldersbeweging. 'De Blauwe Tent' is in begryp wurden yn Fryslân en kin neffens my sa op de monumintelist pleatst wurde. In lyts eintsje fierderop is de grutte dyk nei Snits ta. Dan, nei in kilometer, kin ik oer in smel dykje op nei Friens rinne. Friens leit wat fansiden. It is in terpdoarpke mei in protte

Ut de ITENSIDERIJ.

Makaroanyskûtel mei trije soarten tsiis.

Yngrediïnten foar 4 persoanen:

- 1 pak makaroany
- 1 pûdsje raspe âlde tsiis;
- ¾ kopke parmezaanse tsiis;
- ½ kopke buffel mozzarella fyn;
- 500 gr gehak fan de ko;
- stikje chorizo woarst (fyn gehak);
- 4 teantsjes knyflok (fyn hakke);
- 1 flinke sipel (fyn hakke);
- 1 fleistomaat (yn blokjes);
- 1 ytleppel olive-oalje;
- 2 teeleppels oregano;
- 2 teeleppels rozemarijn;
- 2 teeleppels tijm;
- Seesâlt;
- swarte piper út de mûne;
- 750 gr tomatesaus;
- 150 ml sierdersrjemme;
- 1 kopke healfolle molke;
- 40 gr boerebûter;
- 40 gr blom;
- 1 boskje farske peterseelje (grou hakke).

Tarieding:

Sied de makaroany gear yn in panne wetter mei wat sâlt neffens de oanwizings op de ferpakking. Nim in flinke hapkespanne of briedpanne, bytsje oalje der yn en briedt it gehak, de knyflok, de sipel en de tomaat oan yn in hapkespanne. Bring it op smaak mei de krûden, piper en sâlt.

Foegje de tomatesaus ta mei de chorizo, bring oan de sied en lit it efkes prottelje. Foegje no de seane makaroany ta en rier alles goed troch inoar. Dan de panne mei ynhâld efkes fourt sette.

Meitsje yn in oare panne de rjemmige saus: waarmje de bûter op, foegje flink wat âlde tsiis ta en lit it smelte, en foegje dan de siedersrjemme en de molke ta. Goed riere. Foegje no al rierjend de blom ta. Bliuw rieren, de saus wurdt no tsjok - hoe tsjokker en hoe glêder, hoe better!

Nim no in flinke ûneskaal, smar dy yn mei wat oalje en doch der dan earst in laach gehak mei de makaroany yn, dan in laach saus en herhelje dit dan nochris.

Meitsje de skûtel ôf mei de oare âlde tsiis, de parmezaanse tsiis en de mozzarella. Set no de ûneskaal yn in foarferwaarme ûne fan 180 graden oant hy moai gratineard is en de boppelaach moai brún is.

Strui de peterseelje deroer. Servearje der in frisse tomatesalade by mei wat sipelringen.

Yt lekker, hertlike groetnis, Yvonne Nederpel.

NIJJIERSBESITE.

It iendeisbestjoer wol jimme graach útnûgje foar de Nijjiersbesite op 22 jannewaris 2022. Wy begjinne dizze middei om 15:00 oere yn de KRAKELING fan ATOL PLAZA.

Wy hoopje dat de omstannichheden dan sa goed binne, dat it troch gean kin.
Jimme wurde, sa as jimme wûn binne, by ynkommen mei in kopke kofje as tee mei in stik oranjekoeke traktearre.
Jammer dat troch de koroana it sjongkoar net optrede kin.

Neist dat wy inoar nijjier ôfwinskje (we joue inoar net de hân!) hat it iendeisbestjoer **Gerrita Otten-Onrust** fan krite Utert/Seist útnûge foar in gesellige kwismiddei:

Spylje mei mei de Fryske-Krite-Kwis.

In kwis oer Fryske taal, sport, muzyk en mear .. ..
Der binne spylrondes mei fragen, mei plaatsjes en mei lûdsfragminten. Teams bestean út trije of fjouwer persoanen en it lot bepaalt mei wa jo spylje!
Hokker team wit de measte antwurden, wint de earste priis en Fryske rom?

Kom nei de kwismiddei fol útdaging en geselligens!

Gerrita Otten-Onrust

Wâldbeantsjes, wichters en apelsop fan Fryske Frucht.

Op 29 novimber dogge se út de Wâlden mei oan de ferkiezing 'Lekkerste Streek van Nederland' mei. Dy wurdt holden yn Woubrugge (SH). Sjefkok en wrâldkampioen stamppotsieden John Spruit sil dêr foar de Wâlden in gerjocht meitsje fan wâldbeantsjes, wichters en apelsop fan Fryske Frucht. It evenemint wurdt organisearre troch Streekeigen Producten Nederland (SPN) út Wageningen.

Ut alle meidwaande lânskriten komt in kok mei dy't fan trije streekeigen produkten in gerjocht makket. In saakkundige karkommisje beoardielet dy. De winnende krite mei him 'Lekkerste Streek van Nederland' neame.

Der wurdt benammen achtslein op de streekbûnens en duorsumens fan de produkten. Neffens Henk Pilat, direkteur fan it streekmerk Wâldpyk, wurde der ek punten jûn foar produkten dy't it lanlik Erkend Streekproduct Keurmerk drage of in regionaal keurmerk dat dêrby oansletten is. Fansels is de kreativiteit fan de kok ek belangryk en telt mei hoe't de gerjochten smeitsje en hoe't se opmakke binne.

De belangstelling foar regionaal produsearre, earlik iten is mei troch de koroanakrisis tige tanommen. It makket de konsumint hieltyd mear út wêr't syn iten weikomt en wat de eigen libbensomjouwing deroan hat. Dêr wol er in earlike priis foar betelje.

Dat de fraach nei streekprodukten tanimt, fernimme se by it Erkend Streekproduct Keurmerk fan SPN en by de oansletten regionale organisaasjes en produsinten ek. Om dat te fieren organisearret SPN de lanlike ferkiezing Lekkerste Streek van Nederland.